

## Woord vooraf

Voor u ligt het jubileumnummer van *It Slúske*, dat met veel enthousiasme en inzet door de huidige redactieleden tot stand is gebracht. Vijfentwintig jaar *It Slúske* is niet niks en de huidige redactie en hun voorgangers hebben dit toch maar mogelijk gemaakt.

Toen wij vijfentwintig jaar terug besloten om in Rottevalle een dorpskrant te laten verschijnen, waren er direct een aantal dorpsgenoten die zitting namen in de redactie. Ook voor het typen, het nieten, vouwen, klaarmaken en verspreiden van onze dorpskrant waren er snel vrijwilligers. Tot aan de dag van vandaag blijken er toch steeds weer dorpsgenoten bereid te zijn om zich in te zetten voor onze dorpskrant. Wij als Dorpsbelang willen via deze weg dan ook een ieder bedanken voor zijn/haar aandeel in het laten verschijnen van *It Slúske*.

De inhoud van dit jubileumnummer zal een greep zijn uit de voorgaande vijfentwintig jaar. Helaas zal niet alles vermeld kunnen worden.

Wij feliciteren de redactie met dit jubileumnummer en wij wensen u veel leesplezier.

Johannes Keuning  
Voorzitter Dorpsbelang

## Fan de redaksje

Yn de neisimmer fan 2004 is *it Slúske* mei syn fiifentweintichste jiergong úteinset. Dat woe de redaksje net ûngemurken foarby gean litte. Sa ûntstie it idee om in spesjaal nûmer út te bringen mei in tal bydragen út eardere jiergongen. De redaksje hat alle âlde nûmers troch west en in kar makke. It resultaat is yn dit jubileumnûmer te finen.

Uteraard is der te lêzen oer it ûntstean fan de doarpskrante. Op it útbringen fan it earste nûmer kaam yndertiid in reaksje út Eastermar, skreaun yn it Bokwerts: letterlik út it Frysk oerset Nederlânsk. Dat taaltsje wie in betinksel fan de skriuwer Rink van der Velde, dy't de lêzers fan de *Leeuwarder Courant* jierrenlang fermakke hat mei syn ferhalen oer it – net-besteande – doarpke Bokwert. Sa jout dit nûmer wat wer fan de tachtiger jierren fan de foarige ieu. Der wienen trouwens mear ludike stikjes yn ús doarpskrante: men lêze de bydrage fan Simens Saakje en de reaksjes dêrop.

In pear artikels binne opnommen omdat se foar de skiedskriuwing de muoite wurdich binne, lykas fyftich jier Doarpsbelang, dêr't de rûnweikwestje ek yn op it aljemint komt. Oer 't generaal binne bydragen útsocht dy't in aardich tiidsbyld jouwe. Dêrom is ek it lêste stikje opnommen, alhoewol't dat net earder yn *it Slúske* stien hat.

Net ûntbrekke mocht fansels in ferhaal fan Froukje Annema, dy't jierren foar ús doarpskrante skreaun hat. Itselde jildt foar Geert Veenstra. In karakteristike advertinsje fan Jeltsje Postma moast der fansels ek yn. De bydragen binne yn gronologyske folchoarder opnommen. It seit himsels dat lang net alles in plakje krije koe. It is op it lêst in blomlêzing.

Ús tank giet út nei it bestjoer fan Doarpsbelang, dat daliks posityf reagearre op ús foarstel om in ekstra nûmer út te bringen.

Wy hoopje dat ek dit nûmer syn paad nei de lêzer fine sil en dat it mei nocht lêzen wurde sil.

De redaksje:  
Folkje Bron  
Froukje Roorda  
Sipke Smid  
Durk Veenstra  
Geert Veenstra  
Gryt Veenstra

## By de fiifentweintichste jiergong fan *It Slûske*

No't *it Slûske* krapoan fiifentweintich jier bestiet, is it faaks aardich en sjoch skiednis fan ús doarpskrante ris koart oer.

Bysûnderheden oer it begjin fan *It Slûske* binne te finen yn de oanbelangjende bydrage yn dit nûmer. It doel om tsien kear yn it jier út te kommen, is mar ien jiergong helle. Dêrnei kamen der sân nûmers it jier út. Dat is no noch altyd sa.

Fan it begjin ôf oan hat it abonnemint op de doarpskrante yn-begrepen west by it lidmaatskip fan Doarpsbelang. Wa't gjin lid is of wêze kin, bygelyks om 't se bûten it wurkgebiet fan Doarpsbelang wenje, kin in los abonnemint nimme. De praktyk is dat hast elke ynwenner fan Rottefalle *It Slûske* lêst.

It keppeljen fan de doarpskrante oan it lidmaatskip fan it Doarpsbelang hâldt yn, dat goed om de kosten tocht wurde moat. Dêr komt by, dat der foar keazen is om it tal advertinsjes beheind te hâlden. Dat betsjut dat in ekstra berop dien wurde moat op frijwilligers. Hja lizze de printe siden nûmer foar nûmer op folchoarder en nytsje en teare it sa ûntstiene bondeltsje. Sadwaande stekke de siden altiten wat bûten it omslach út. Foar dit jubileumnûmer is dat oars: it is teard, nite en bysnien by de printer.

Yn de rin fan de jierren is de wize fan fermannichfâldigjen feroare. Earst waard de typte tekst om en om stinsele troch de beide skoallen, dy't dêr in fergoeding foar krigen. Mar it stinseljen waard ynhelle troch nijere techniken. Fan de fyftjinde jiergong ôf waarden de nûmers by in printer fermannichfâldige.

Jierrenlang waard de tekst typt troch frijwilligers. Doarpsbelang soarge foar elektryske typemasines. De lêste pear jier komt der lykwols gjin typemastine mear oan te pas. De reden? In hiel soad kopij wurdt tanksij de personal computer kant en klear oanlevere. En de oare reden is dat de tekst fia de elektroanyske post ynkomt en dan troch de redaksje op it goede formaat en yn it goede lettertype útdraaid wurde kin. It lyts bytsje kopij dat noch al typt wurde moat, rêdt de redaksje sels mei. De redaksjeleden knippe en plakke de útprinte tekst yn de goede folchoarder en soargje foar de opmaak foar elk nûmer. Dêrnei kin it hiele spul nei de printer.

De ploech frijwilligers dy't de krante yn elkoar set en bylâns-bringt, wie net in grut ferrin yn. In lytse tritich persoanen yn hast fiif-

entweintich jier. It tal wikselingen yn de redaksje hat ek net grut west. Oant no ta hawwe der achtentweintich redaksjeleden warber west. Gemiddeld rûchwei ien nij gesicht yn 't jier dus.

Fan it begjin ôf oan hawwe der fêste rubriken yn *it Slûske* stien, lykas de doarpsagenda en Rottefalaria, dêr't de ynhâld fan de skoalle-, tsjerke- en ferienigingskrantsjes yn bepraat wurdt. Yn de earste jierren wie der in fêste rubryk 'Op 'e praatstoel', dêr't ynweners fan Rottefalle foar ynterviewd waarden, letter folge troch 'Yn petear mei...'. Rottefalster binne ornaris goede praters. Karakteristyk foar *it Slûske* is dat yn elk nûmer in bydrage stiet fan ien fan de predikanten fan de Rottefalster tsjerken. De lêste jierren is der ek in bydrage út de humanistyske hoeke wei. Yn hast elk nûmer steane wol bedankjes foar it betoande meilibjen by fleurige en minder fleurige kanten fan it minsklik bestean.

Oer it gehiel sjoen binne de nûmers sûnder problemen ferskynd. Wol wie it iene nûmer ynhâldlik sterker as it oare. Somtiden wienen der wol in hiel soad oankundigingen, bedankjes en oare lytse stikjes. En ek al binne de redaksjeleden fol goede wil, hja allinne kinne net it hiele nûmer fol skriuwe. Bydragen út de doarpsmienskip kin *it Slûske* dus net sûnder. Mar dy ha der gelokkich altiten genôch west. Dat dat sa bliuwe mei.

Hooplik sil ek de kommende jierren noch hiel wat doarpsnijs fia *it Slûske* nei de doarpsbewenners ta streame. Yn de takomst giet soks miskien (ek) wol fia de elektroanyske snelwei. Wa sil it sizze. Fiifentweintich jier lyn sille net folle foar 't ferstân hân ha dat de personal computer sa'n wichtige rolle spylje soe by it meitsjen fan printwurk. De ûntjouwingen geane ommers altiten troch....

Ta beslút is wurd fan tank op syn plak foar elkenien, mar dan ek *elkenien* dy't him of har, op hokker wize dan ek, ynset hat foar en in oanpart levere hat oan ús doarpskrante!

Durk Veenstra

## It ûntstean fan ús doarpskrante

Op de jiergearkomste fan 7 febrewaris 1979 wie it Doarpsbelang fan doel om in eigen doarpskrante út te bringen. Op de jiergearkomste fan maart 1980 waard besletten om mei inkele frijwilligers, dy't harren

opjûn hiene, in petear te hawwen oer de ynhâld en opset fan in eigen doarpskrante.

Maaie 1980 kaam it earste nûmer út. De redaksje bestie út: Aly Atsma, Rinze Boersma, Hinke Hermsen, Joop Mast en Mariet Spiertz. De doarpskrante rjochtet him foaral op alle foarfallen dy't har yn 'e Rotfalster mienskip foardogge. Dat kinne de leden fan de redaksje net allinne, dat der wurdt in berop dien op sekretarissen fan de ferienings. It foarnimmen is om mei in stikmannich fêste rubriken te begjinnen: ynterviews, skôgings oer doarpse oangelegenheden, it ferslaan fan aktiviteiten, it byhâlden fan ferieningskrantsjes út 'e Rottefalle. It doel is ek om, mei útsûndering fan de simmermoannen, eltse moanne út te kommen. De doarpskrante sil foarearst fergees oan 'e ynweners fan ús doarp oanbean wurde. De kosten binnen foar it Doarpsbelang. Om it net te djoer te meitsjen wurdt it typewurk troch frijwilligers dien en wurdt it stinselwurk fersoarge troch beide legere skoallen, dêr't hja in redelike fergoeding foar krije. Der wurde noch minsken frege foar de fersprieding.

De slûs om 1915 hinne

It omslach is tekene fan in âlde aansichtkaart ôf troch de hear J.P. Rotteene te Winsum (Frl). Dy aansichtkaart stiet ek yn it boekje *De Rottefalle yn âlde foto's*. Ús doarpskrante is neamd nei it slûske, dat foar it dimpen fan de Lits yn it hert fan ús doarp lei. By de slûs lei yn de tweintiger en tritiger jierren de Rottefalter boat, it ferfiermiddel dêr 't yn dy tiid it kontakt mei de bûtenwrâld mei ûnderhâlden waard. Ek waarden hjir de modder- en molkepreamen skut. Krekt as it slûske eartiids hopet de redaksje dat ús doarpskrante in plak yn it hert fan ús doarpsmienskip ynnimme sil en dat dy de Rottefaltersters in protte wille ferskaffe mei. De redaksje hopet op in protte ideeën en ynstjoerde stikken.

(Basearre op: *It Slûske* fan maaie 1980)

## In reaksje út Eastermar

*It earste nûmmer fan it Slûske waard ek stjoerd nei Eastermar. Yn it folgjende nûmer fan de doarpskrante fan Eastermar, De Brêge, stie ûndersteand stik, dat fansels ek yn ien fan de earste nûmers fan It Slûske opnommen waard.*

Laatstendag vernamen wij, dat men het aan de andere kant de Leijen ook niet laten kunnen heeft en geef een dorpskrant uit. Dat vernuivert ons helendal niet, want wij hadden al gruiten gehoord, dat ze zich daar vergaapten op *De Brêge*. Wij hebben ze voor een jaar dan ook al een paar blaadjes toegeschikt, maar het hing grif raar voor het kruis, want pas voor een week of wat is het eerste nummer van de Rottevalster Dorpskrant voor het licht gekomen. Wij kunnen nog heel wat nieuws uit deze krant vernemen. Wie had gedacht, dat ze in Rottevalle al sinds 1954 een openbare bibliotheek hebben! Daarom dat die Rottevalsters zulke tuike lieden zijn. Wij zitten vanzelf wel wat in noed, of zij het dan nog wel aan tijd hebben om hun dorpskrant te lezen, maar hawar.

Verder zijn de stukken ook heel nieuwsgierig. Vanzelf het laatste nieuws van de verenigings en een verhaal over het verleden van het dorp. En één van de redactie heeft een man en een vrouw het hemd van het lijf gevraagd. Ze hangen daar helendal de kant van het verleden wel wat over. De voorplaat hebben wij ons namelijk over ver-

nuiverd, want die zal wel gans een schoft geleden getekend zijn. Ook de naam “It Slûske” is wat van eertijds, maar daar slaan wij maar geen acht op, want een sluiske hebben ze daar toch niet meer. Het doet wel blijken, dat het daar allemaâl meesters in de redaktie zijn, want na het eerste nummer gooien zij de boel er daliks weer heen, omdat zij met vakantie gaan willen. Het stencilwerk kan nog lang niet altijd bezien lijdjen en met de staverflaters lijkt het wel op vliegen. Die meesters moeten maar eens nazien leren en met het Fries kan het wat dat aanbelangt helendal geen spreken lijdjen. Maar hawar, ook wij hebben in het eerstaan wel onze zwarigheden gehad, al hadden wij geen andere krant tot ons gerief om na te bouwen. Het is anders een goed ding dat zij er geen reklame in hebben. De stekels hebben wij ons over vergrijmd, vooral die over dominees stek. Ze doen het daar maar mal. Om kort te gaan, wij hopen dat het ”It Slûske” meeweret. Zij moeten de moedveren maar niet laten hangen, want ook bij ons kalfde het wel eens zwaar, en toch leeft “De Brêge” nog altijd als een hert. Wat het geld aanbelangt hebben zij anders lang niet zo’n zwaar zijl te trekken, want daarvoor tast Plaatselijk Belang in de buise.

Wij hopen, dat met korten het tweede nummer op priemen gezet wordt en ook dan zullen wij het weer met nocht lezen, als zij ons tenminste een krantje toe komen laten willen.

De meewerkers

(Út: *It Slûske* fan augustus 1980)

## Ledegearkomste fan de RIHA

Op 3 oktober hat de RIHA har ledegearkomste hân yn it Wapen fan Smellingerlân. Nei’t foarsitter Jan van der Velde ús allegear wolkom hjitten hie, koene wy mei de wurklist begjinne, dy’t yn haadsaak yn it teken stie fan it kommende Sinteklaasfeest. Lykas foargeande jierren wurdt der wer in ferlotting hâlden, dêr’t moaie prizen mei te winnen binne. De earste priis is wer in klok, om’t dat altyd wol in súkses is. Wat wol feroare is, is de bestimming dêr’t de ferlotting foar hâlden wurdt. Foarhinne wie dit altyd foar de ferljochtingskommisje, dit jier sil dit wêze foar de sportkantine “It Hagehiem”. Oer dizze kantine is op dizze jûn nochal it ien en oar sein. Ienriedich wiene de RIHA-leden

fan miening dat der eins gjin bier tape wurde moat, en as men sa it ear te lústerjen leit, diele in protte minsken dizze miening: alkohol en sport hearre no ienkear net byelkoar. In protte minsken soene dêr graach feroaring yn ha wolle.

Fierder giet de Sinteklaasaksje op de âlde foet troch. De bonne-aksje begjint op 14 novimber. By elke f 2,50 wer in bon. De yn-tocht fan Sinteklaas is fêststeld op 21 novimber. Om 2 oere by de Haven, wylst it feest foar de bern om en de by 2.30 yn it Wapen fan Smellingerlân pleats hawwe sil. Der is dit jier ek wer in etalaazjewedstryd, yn de foarm fan in slachsin, dy’t oplost wurde moat. De útslach fan de ferlotting is op 7 desimber by Teake en Janke Bosma. Hjir wol de RIHA in feestlik tintsje oan jaan, troch ûnder de oanwêzigen noch wat prizen te ferlotsjen, en ferskillende oare attraksjes. Dus, kom allegear, it is de muoite wol wurdich! Neiere meidielings hjiroer komme noch yn it folgjende nûmer fan “It Slûske”, en ek oer de simmersaktiviteiten dy’t de RIHA organisearje sil; hjirby wurdt tocht oan in fyts-tocht. Jim sjogge it, de RIHA en wy hoopje dat dit jier de Sinteklaas-aksje wer in súkses wurdt.

(Út: *It Slûske* fan novimber 1981)

*Dat it anno 2004 hiel oars giet as dat men doe foar eagen hie, sjogge wy alle saterdeis yn de kantine. Tsjintwurdich hawwe wy in aktiviteite-kommisje dy’t foar it Sinteklaasfeest en oare aktiviteiten soarget.*

## 350 jier Rottefalle

Hea, hea, einlings is it hast safier,  
dat wy mei-inoar tige fleurich en blier  
feest yn de Rottefalle ha.  
Minsken, wat giet it der aanst mâl om ta.

Sa`n betinkingsfeest is ek wat bysûnder.  
Foar 350 jier hast neat; no 't is in wûnder,  
in fleurich doarp mei goed tûzend minsken  
en alles yn oarder, al bin der noch winsken.

'De Kompagnons' binne ek sa âld,  
dy fiere no ek noch it bewâld  
oer hûzen en oer lân.  
Troch harren kaam hiel wat ta stân.

Der is troch de jierren hiel wat oprjochte  
en soms bin der ek wolris dingen útfjochte.  
'De Kompagnons' joegen faak mei mylde hân,  
in foarbyld soms foar hiel it lân.

Tsjerken en skoallen binne ûntstien,  
ferienings, sport, aula, it Hagehiem.  
In doarpshûs kaam ek op in kear,  
in iisbaan, ja noch folle mear.

De Rottefalle, in noflik stee,  
elts stiet foar elts dêr altyd ree.  
Noflik om te wenjen en te libjen,  
ien en mien, dat bliuwt ús stribjen.

G. Veenstra

(Út: It feestnûmer fan *It Slúske*, augustus 1985)

Adv. Jeltsje Postma

## F. F - aksje

Posityf soene wy it hâlde, sa hie ik jim by it begjin fan dizze rubryk beloofd. Sa'n belofte hâlde is net altyd like maklik. Doe mei de bibleteek ha ik my poerrazend makke. En dat hat holpen. Myn briefke oan Deetman mei de beukers hat in bytsje fertuten dien. Sometiden wurdt lulkens beleanne.

Doarpsgenoaten, ik bin wer op ien ein. En it slimste is, dat it ûnheil net fan bûten komt, mar it komt út it hert fan ús doarp: de feestkommisje. Ja, jimme lêze it goed. De feestkommisje is op nij wer gearstald. Simen lies it my foar. Alle nammen netsjes op in rychje, sa't se yn it foarige Slûske stienen. Allegearre kearels! Der is net ien frommiske by! Soks kin dochs net, sei ik tsjin Simen. Wy libje yn 1987 en net mear yn de fyftiger jierren, doe't hast alles hjir troch mannen belegele waard. "Eh, ju, dû moatst dy net sa drok meitsje," brocht Simen der tsjin yn. "Dy jonges binne altyd wend west om as manlju it feest te organisearjen. En dat gong dochs altyd goed? In feest ynelkoar sette dat is manlju's wurk. Dêr kinne de kommisjeleden gjin froulju by brûke. As der froulju by komme dan binne sokke manlju harren sels net mear..."

Simen hie rêstich trocheamele, as ik him de mûle net snorre hie: "Soa Simen, dû bist ek sa'n man, dy't him yn wêzen fier ferheven fielt boppe ús froulju. Dit falt my raar fan dy ôf, Simen. Ik hie tocht dat ik mei in moderner man troud wie. It liket dochs nearne nei. Mear as de helte fan de Rotfalsters binne froulju en in pear manlju bepale, dat der gjin frommiske yn de kommisje mei, omdat men dat net wend is. Soks raast oan de protters. Ik wol net iens oer emansipaasje prate. Demokratysk, dêr draait it om. Boppedat kinne wy froulju wol deeglik ús mantsje stean. Sjoch mar nei it Doarpsbelang, de feestkommisje fan it feest yn '85. Doe koe ek ien frommiske lieding jaan oan it daverjend feest fan it 350 - jierich bestean. En soks soe no net kinne? Dat wol der by my net yn. Der binne genôch froulju yn ús doarp, dy't yn de feestkommisje kinne. De hiele kommisje koe wol út froulju bestean, as wy dat wolle."

Simen glimke mar wat. "Famke, wêr makkestû dy no drok om. Lit dy kommisje dochs. It komt echt wol goed." Doe siede de molke my oer. Poerrazend bin ik wurden. De doar fan de opkeamer ha ik hast út de hingsels skuord en doe op slot dien. "Om myn part sliepst fan-

nacht yn it hea. Ik wol net mei sa'n âlderwetske bekrompen man yn ien bêd sliepe." Ja, bêste mannen fan de feestkommisje, sa fier is it kommen. Ús houlik stie in bytsje yn 'e sigen, trochdat jim de froulju útslute. Mar ik lit it hjir net by. Ik bin der fan oertsjûge, dat de saken net sa bliuwe, as se troch de manlju bedissele binne. Dêrom, bêste manlju, haw ik besletten om in aksje te begjinnen. In positive aksje. De helte fan de feestkommisje moatte froulju wurde. Ik doch in berop op it sûne ferstân fan de doarpsgenoaten. Ik freegje jim, oft jimme ûndersteande adheezjebetsjûging ûnderskriuwe wolle. Ik sil der foar soargje, dat se op ien as oare wize oan de foarsitter fan de feestkommisje oanbean wurde. Rotfalsters, ik rekkenje op jim! Stypje de F.F-aksje fan Simens Saakje! De helte fan de kommisje wurdt froulju. Tink om myn wurden.

Simens Saakje

---

### Saakjes Aksje

Ik stypje Saakje yn har F.F-aksje.

De helte fan de feestkommisje moat út froulju bestean.

Mei Saakje doch ik in berop op de feestkommisje, om dit sa gau mooglik yn oarder te bringen.

Namme:.....

*Ynleverje foar 1 maart  
by Simens Saakje*

Hantekening:.....

(Út: *It Slûske* fan febrewaris 1987)

## Open brief aan Simens Saakje

Beste Saakje,

Ik schrijf u maar even in het Hollands zodat de vrouwlui uit de overzeese gebiedsdelen het ook kunnen nakomen, want waar u het in het Slûske over had, n.l. vrouwlui in de feestkommissie, dat moet van elkeneen wel goed omdenken hebben. Nou bent u Saakje wel eens wat opsternaten, dan moet Simen u weer neerbedden heb ik wel gehoord, want zo'n actie is vanzelf mooi, maar jullie moeten er geen spul om

krijgen in de huishouding of er bij om elkaar wegraken. Simen moet al in het hooi slapen las ik, hij kan wel een krupsje krijgen en dat zou mij toe de tenen uit begroten, want in de grond is het niet een minne vent, maar soms wel wat ouderwetsk. Nu zal hij wel zeggen, die vrouw Boskma moet haar stil houden, die woont niet eens in het dorp, want zoals u wel zult weten woon ik wat achterneer, maar wij doen wel altijten mee.

Ik weet trouwens niet hoe het komt als het weer feest is, want de laatste keer hebben ze ons nogal wat lantarentjes ontnaderd.

Maar dan helpen wij wel in het dorp, wij hebben hier ook wel goen die een hamer kunnen tillen. De vrouwlui die hier wonen zijn handige donders en die willen ook wel eens wat in de melk te brokkelen hebben. Daarom wil ik u graag steunen, wij zetten dit niet op een zacht zin, en als het nijpt en wedernijpt, dan gaan we met spandoeken door Rottevalle. Gepke heeft ook nog wel wat lappen die we om 't schik kunnen krijgen. Wij laten de moedveren niet hangen, en als U er met mij over praten wilt, kom maar eens neer, de thee staat klaar en een meelkoekje gaat er ook altijd wel in.

De groetenis ook aan Simen.

Vrouw Boskma

(Út: *It Slúske* fan maart 1987)

## Iepen brief oan Simens Saakje

Bêste Saakje,

Jo stikje yn it lêste Slúske wie my út it hert grepen. Ik bin it alhiel mei Jo iens, dat yn alle bestjoeren likefolle manlju as froulju sitte moatte. No bedoel ik fansels net dat it bestjoer fan de plattelânsfroulju har iepen stelle moatte foar manlju of dat wy froulju in oerfal plege moatte op it bestjoer fan de manljusferiening. Sa healwiis hoecht it fansels ek wer net. Mar alle bestjoeren fan ferienings of oare groepen, dy't wurkje foar it algemien belang, soene stribje moatte nei in evenredige fertsjintwurdiging fan manlju en froulju. Dat kin net mear oars yn dizze tiid. Boppedat rinne wy hjir yn Rotfalle net graach efterop, no? Ik wie dan ek oergrysluk bliid, doe't ús eigen Doarpsbelang sels de foarstap naam. Fan fiif manlju tsjin twa froulju is de ferhâlding no fjouwer tsjin trije. Dat liket der op. Mar no't ik dochs oan 't wurd bin,

Saakje, wol ik ek noch efkes wat sizze tsjin alle froulju fan 'e Rotfalle. It is fansels sa, dat wy der sels ek wol ris wat mandélich oan binne, dat wy ûnderfertsjintwurdige binne. Wy binne wolris wat skiterich, as it der op oankomt, om yn it ljocht te stean. No falt dat misskien ek net altyd ta, mar alles is te learen, ek bestjoeren. Sels dêr binne kursussen foar en it sprekward seit oars ek al: men leart al dwaande. Dat susters, wurdt der in berop op jim dyn, *sis ja!* En roppe se net, nim dan sels de foarstap. Net bang wêze om foar eigenwiis útmakke te wurden. Bied jim oan. Ús doarp sil der profyt fan hawwe.

*Saakje stypje, ús doarp ferrykje!*

Hânskje fan  
Hindrik en Siets

(Út: *It Slúske* fan maart 1987)

## De fyts

Mei boat, sylboat, tinte en jongste soan mei freondinne bivakkearje wy in wike op De Feanhoop. De bern sile en fiskje, heit deis oan 't wurk en mem mei foar it iten en drinken en sa. In fyts mei om boadskippen út Nij Beets te heljen is ek handich, ha wy ferline jier útfûn. Doe hiene wy myn fyts feilich mei in kettingslot fêst oan 'e steiger. Diskear kin dat net om't it slot wer ris útliend is. De fyts leit no, wol op 't slot, mar nergens oan fêst, achter it tintsje fan 'e bern, fan beide kanten of al fan fierren sichtber. Nuodlik, ha wy al beredenearre, want it is in knappe fyts en elk kin him sa meinimme. En in fyts meinimme skynt langer gjin stellen mear te wezen en dus tastien. Hawar, it is net oars.

Wy lizze in dei as wat allinne oan 'e steiger, mar op in moarn komt der in boat by. Ik help it spul even te plak: in âldere man mei twa bypassende froulju, ien dêrfan *sýn* frou, de oare *in* frou, nim ik mar oan. Alhoewol, jo witte it noait tsjintwurdich. Hoe dan ek, it binne freonlike lju.

Op 'e neimiddei, as de bern nei Earnewâld syld binne, stiet de âld man ynienen by ús boat. "Wy ha pech", seit er, suver wat yn panyk. "Wy moatte nei hûs, nei Grou, mar no wol de motor net oan-slaan." No ferwachtet er fansels gjin help fan my, mar wol fan in eventuele man by my oan board. Ik lis him út dat myn man net earder komt

as om in oere as fiif. It is healwei fjouweren, dat dat duorret de man te lang. Hy wol dan mar in monteur belje en ik wiis him de nije telefoansel by it kafee op 'e hoeke op 'e Feanhoop. Dat is in kertier rinnen, dat ik bied him myn fyts oan. Hy kin amper by de trapers, want hy is wol oardel kop lytser as my. As it goed soe moasten dêr in pear blokken op, mar dat is út de tiid en boppedat wy ha gjin blokken. Hy rêdt it sa ek. Kontsjedraaiend wjukkelt er it polderdykje del. Ik jou my wer del yn 'e sinne.

Omtrint oardel oere letter sjoch ik dat de man wer op syn boat is. Hy hat it kaaike fan de fyts net werombrocht, dat ik rin even nei him ta en freegje hoe't it ôfrûn is. Hy wol de fyts noch graach even hâlde, seit er, want de monteur syn telefoanyske oanwizings kin er neat mei, dat hy moat nóch ris nei de telefoansel ta en sil dan freegie oft de monteur sels komme kin. Foar de twadde kear set er ôf op myn fyts. Hy kin noch altiid net goed by de trapers. Op it momint dat er werom fytst by de telefoansel wei, komt myn man oanriden. Dy sjocht it mantsje en tinkt: Ferdomd, dêr is 't al sa! Ha se har fyts stellen! Hy bliuwt in skoftsje achter de man riden, dizze sil him net ûtsnappe. Dan hellet er him yn, set de auto oan 'e kant en wachtet de man op. Mar, foardat er ek mar ien wurd sizze kin, ropt it mantsje al: "Jo binne de man fan dy frou op 'e boat en ik ryd op jo frou har fyts ja, mar sy wit dêr fan!" Wy ha dêr letter wol in oere wille om hân.

Froukje Annema

(Út: *It Slúske* fan septimber 1991)

## Syrische vluchtelingen

In de doopsgezinde consistorie verblijft momenteel een Syrisch-Orthodox gezin uit Syrië. De Christenen in Syrië vormen een kleine minderheid. Velen vluchten uit gegronde vrees voor vervolging wegens hun godsdienst en Assyrische cultuur. Sinds 1990 woont deze familie in Nederland. Zij wordt nu met uitzetting bedreigd, terwijl de procedure nog niet is afgelopen. Uitwijzen naar Syrië is zeer riskant, want het is ondoenlijk de veiligheid van de door Nederland uitgewezen Syrische asielzoekers in hun vaderland te garanderen. Nederland moet daarom bijzonder behoedzaam zijn bij het terugsturen van vluch-

telingen, aldus de Nederlandse ambassadeur te Damascus. Daarbij erkende hij dat christenen die zich als Assyriërs presenteren, blootstaan aan vervolging, maar dan vooral om politieke redenen.

Waarom verblijft het gezin in een kerk? Het is een oud recht dat de politie geen mensen uit een kerk mag halen, zeker niet als er een kerkdienst aan de gang is. Onze bemoeienis met asielzoekers gebeurt onder verantwoordelijkheid van de stichting INLIA (Internationaal Netwerk van Lokale Initiatieven ten behoeve van Asielzoekers). De Stichting bemoeit zich alleen met die asielzoekers van wie de procedure om erkend vluchteling te worden nog aan de gang is. Bovendien neemt INLIA eerst zelf poolshoogte van de situatie in het land van herkomst. Als de Stichting overtuigd is van het feit dat de vluchtelingen niet terug kunnen zonder gevaar voor vervolging of voor hun leven, dan zet INLIA zich in voor hun veiligheid. Als de procedure om erkend vluchteling te worden afgelopen is, dan volgt INLIA de uitspraak van de rechter op.

Hoe kunt u helpen? Er moeten steeds twee mensen in de kerk zijn om de politie, als die eventueel mocht komen, te verwijzen naar de kerkenraad en om een dienst te beginnen. We hebben van de gereformeerde en hervormde gemeente al heel wat medewerking ondervonden, maar hoe meer mensen meedoen, hoe gemakkelijker het wordt. De doopsgezinde gemeenten van Surhuisterveen en Drachten steunen ons ook. Als u mee wilt helpen, ook al bent u niet betrokken bij een kerk, kunt u contact opnemen met Jannie Benedictus of met Pieter Witteveen. Verdere informatie is te verkrijgen bij Henk Spoelstra.

Elke vrijdagavond houden we van 19.00 tot 19.30 uur een korte dienst ter bemoediging. Daarna vergadert de werkgroep. Ook dan kunt u vragen stellen. Iedereen is van harte welkom.

Namens de werkgroep, Rink de Vries

(Út: *It Slúske* van april 1992)

*De familie Touma heeft tweeënehalf jaar in de consistorie gewoond, waarna de familie asiel kreeg. In maart 1995 werd er een dankdienst gehouden. De familie Touma heeft een half jaar in Drachten gewoond en is daarna verhuisd naar Enschede.*

## Âld en Nij eartiids

Doe't my frege waard, diene jim froeger ek wat by de wikseling fan it âlde en it nije jier en kinne jo dêr ek wat fan yn "It Slûske" skriuwe, doe foel my dat wol as kâld wetter oer de lea. Dêr moatte jo jo earst al efkes oer beriede. Wy diene fansels wol mei oan it ferneamde tûgjen. De Rottefalle lei der doe al wat oars hinne as no mei de feart troch de buorren en mei de Brouwersgrêft. Ik wit noch fan ien gefal. De minsken hiene doe it hûske allegearre hast bûten stean. Der lei in pream yn it Krús foar Haveman en Riene Kiers. Op elk hûske wie fansels in deksel. Wy hellen op dy âldjiersjûn alle hûskedeksels op en brochten dy yn de pream. Der leine dy jûns 96 deksels yn de pream, dat de minsken moasten de oare moarns mei in deksel troch de buorren. Alles wat rôlje woe en draachber wie, kaam op it skoalleplein of yn de buorren te lân. Ik wit ek noch, dat Jurjen van der Velde doe op 'e Âld Daem wenne en sei: "Dan wenje wy hjir moai. By my bart soks net." Mar it oare jier waard Jurjen syn dongwein fol stront wol troch de âld modderreed lutsen en stie er op it Muldersplein te pronk. Jo moatte net tsjin it jongfolk sizze fan dat kin net. Dat is der net by, want as se sa machtich binne, kinne se alles foar inoar krije. Ek waard der wol ris by jongelju, dy't noch gjin bern hiene, in eibert mei in poppe yn 'e bek op 'e skoarstien set, dy't de buorlju dan de moarns earst seagen, want jo sjogge moarns earst net nei jo eigen skoarstien, oft der ek wat op stiet. Dy't der dan lâns kamen, seagen allegearre omheech en de minsken sels hiene faak neat yn 'e gaten. Mei sin ferniele hearde der net by.

Yje Hulshoff

(Út: *It Slûske* fan desimber 1992)

## Glêsdragers en knoepfretters: oer de skelnammen fan de ynwenners fan de Rottefalle

Hjoed-de-dei libje we yn in ynformaasjemaatskippij. In soad fan wat der yn de wrâld bart, komt ús hûskeamer binnen troch de moderne media: kranten, radio, televyzje, ynternet. Foarhinne, doe't dy media

noch net bestienen en doe't men gruttere ôfstannen op syn heechst yn it tempo fan hynder of boat ôflizze koe, hie men eins allinne weet fan wat der him yn de neiste omkriten ôfspile. Men wie fansels it bêste op 'e hichte fan de saken tichteby, yn it eigen doarp. Gauris wist men ek noch wat him ôfspile yn de doarpen ticht om it eigen wenplak hinne. Sa wie dus bekend dat guon saken, bygelyks de taal, de klean of de beroppen yn de oanswettende doarpen, krekt wat oars wienen as yn it eigen doarp.

No kin oer dingen dy't ferskille fan wat men sels wend is, al gau wat lakerich of gekoanstekkerich dien wurde. Sa koe it komme - ek troch de gauris besteande "haad en nijd" tusken oanbuorjende doarpen - dat de ynwenners fan it iene doarp dy fan it oare oantsjuten mei in bepaalde eigenskip, dy't meastal net sa posityf bedoeld wie. Sa binne de skelnammen ûntstien foar de ynwenners fan de doarpen. Wa't de listen dêrfan besjocht, moat konstatearje dat foar de ynwenners fan suver elk plak wol in skel- of bynamme bestiet. In hiel soad dêrfan binne tsjintwurdich trouwens net mear bekend. Dat is net sa frjemd. Wy sjogge no ommers folle mear fan de wrâld as eartiids, dat wy binne aardich wend oan de nuveraardichheden fan oaren. Dêr komt by, dat de nuveraardichheden fan eartiids no faak net mear besteane.

Ek de skelnammen foar de ynwenners fan de Rottefalle binne yn oare doarpen net mear bekend. Miskien hawwe se dat ek nea op grutte skaal west. Wis is wol, dat se bestien ha. Yn de list fan skelnammen foar de plakken yn Fryslân dy't Ph. Breuker publisearre hat (yn *Bydragen ta de pleatslike skiednis* 1) steane twa skelnammen foar de Rottefalsters: *glêsdragers* en *knoepfretters*.

